

Reduzum, Friens, Idaerd

MERKE



05/08

OANT EN MEI

SEPTIMBER 2025

Foarwurd



Bêste doarpsgenoaten,

Fan freed 5 oant en mei moandei 8 septimber hawwe we wer ús MERKE: in feest foar de doarpen Reduzum, Friens en Idaerd. Dit jier is it tema 'DE TIID'. Wy hawwe harke nei de winsken op de ynspraakjûn. Yn goed oerlûs mei de gemeente en de famylje De Boer, sil de Merke dit jier op harren terrein, Buorren 19, wêze. Dêrmei kinne wy ús ambysje om mear te ferbinen better foarmjaan. It ferhurde terrein en it lân fan famylje De Boer meitsje it mooglik om alle attraksjes foar jong en âld op ien lokaasje te hâlden. It terrein is tagonklik foar elkenien. Wy binne de famylje De Boer dan ek tige tankber.

We hawwe in fariearre programma. Sa wurdt de freedtejûn in gesellige jûn foar de hiele famylje mei pofferkes, foodtrucks, springkessens, spultsjes en muzyk. Boppedat wurde der foar de bern en de jongerein ekstra aktiviteiten organisearre. Sneontemiddei is der in seiskamp en jûns hawwe wy de populêre band VANGRAIL boeke kinnen. It folsleine programma lêze jo fierderop yn dit boekje.

Wy sizze tank oan de famylje De Boer, ús sponsors, alle frijwilligers, buorlju, besikers en elkenien dy't al in bydrage levere hat of leverje sil om fan MERKE 2025 in grut feest te meitsjen. Ik betankje yn it bysûnder de merkekommissjeleden Anja, Hendrik, Edith, Klaske, Brecht, Ilse en Marga foar harren grutte ynset en entûsjasme. Jim binne toppers!

Elkenien in gesellige MERKE tawinske, Sjaak Kalverboer, foarsitter merkekommissje.

Ta beslút: ast wat oan- of op te merken hast: fertel it ús; ast genoaten hast, fertel it oaren!

Algemien

Ferkeap bantsjes

Yn de wike fan 23 juny sille we wer by de doarren del om wykeinbantsjes te ferkeapjen. Wiest net thús? Gjin soargen! Kom op woansdei 2 july of woansdei 9 july fan 19.00 oant 20.30 oere gesellich nei de kroech om dêr dyn wykeinbantsje te keapjen. Sa bist der gewoan by!

Prizen wykeinbantsjes:

O.e.m. 14 jier € 5,00. Fan 15 jier ôf € 25,00.

Ek kinst it hiele wykein deibantsjes keapje oan 'e doar.

Freed: 18.00-19.00 oere fergees,
fan 19.00 oere ôf **€ 10,00**

Sneon: **€ 17,50**

Snein: **€ 10,00**

Húsregels

De húsregels binne lykas foargeande jierren. Hjir komme se:

- ▶ Sûnder polsbantsje gjin tagong.
- ▶ Dielname oan aktiviteiten is altyd op eigen risiko.
- ▶ De merkekommissje fan de Trije Doarpen is nea oanspraaklik foar saakskea en/of letsel oprûn mei de merke.
- ▶ It is net tastien om drank mei te nimmen bûten it terrein.
- ▶ Net smoke yn de tinte.
- ▶ Alkohol ûnder de 18 jier is net tastien.
- ▶ Persoanen dy't oantoanber ûnder ynfloed fan alkohol en/of drugs it merketerrein op gean wolle, kinne wegere wurde.
- ▶ Húsdieren wurde – út goederbêst – net talitten.
- ▶ Legitimaasje fan 14 jier ôf ferplichte.
- ▶ De persoanlike fûne foarwerpen wurde nei de merke twa wike bewarre, sadat dy ophelle wurde kinne.
- ▶ Elkenien is wolkom op it feestterrein. De âlden binne ferantwurdlik foar harren bern.
- ▶ Offal en peuken moatte yn de dêrfoar bestimde ôffalbakken fuortsmitten wurde.



Tiidkapsulejacht

It hiele wykein kinst sykje nei de tiidkapsule! By de merke wurde hints jûn, mar allinnich foar wa't oplet yn 'e tinte! Hast wat mist, dan moatst even geduld dwaan oant de hints op de sosjale media ferskine ... of do moatst se slûchslim by immen oars weihelje.

Hasto de tiidkapsule fûn? Dan moatst him foar **snein 20.00** oere ynleverje by de yntree en dan krijst in priis. In soad sukses en speurwille!

Merke-attraksjes

De merke-attraksjes komme dit jier op ús nije merketerrein. Dat betsjut dûbeld feest op ien plak: de merke en de feest-tinte gesellich byinoar. Gjûn gedoch mear mei hinne en wer rinne, alles binnen hânberik foar noch mear sfear, ferbining en wille.

It hiele wykein draait de draaimûne fer-gees foar de jonge bern. Sneontemoarns en sneintemiddeis is it earste oerke fan de merke prikkelfrij.

Iepeningstiden merke-attraksjes 2025:

Freed 5 septimber

18.00 oant 00.00 oere

Sneon 6 septimber

10.00 oant 00.00 oere

Snein 7 septimber

10.00 oant 23.00 oere

Moandei 8 septimber

10.00 oant 16.00 oere

Programma

Freed 5 septimber

18.00 oere

Pofferkes foar de bern

18.00 oere

Foodmarket

19.45 oere

Priisútrikking strjitfersiering

20.00 - 01.00 oere

Muzyk fan Stars Like Us yn de tint



Iepening merke

Om 18.00 oere iepenet ús foarsitter offisjeel it wykein fol wille. Foar de basisskoalle-bern binne der dit jier hearlike pofferkes en fansels steane der wer springkessens op it terrein. De luchtkessens wurde dit jier sponsore troch transportbedriuw Bakker.

Foodmarket

Op it terrein steane (lokale) ûndernimmers klear mei in ferskaat oan hearlike snacks en oare lekkernijen. Der is foar elkenien wat lekkers te finen!

Priisútrikking strjitfersiering

Der binne wer jildprizen te winnen foar de bêst fersierde strjitte en it felbegearde wiksel-strjitnammebuordsje. Wa wit ... miskien stiet dy dit jier wol te skitterjen yn dyn strjitte!

Elke strjitte dy't meidocht kin foar € 50,00 oan materiaal fergoede krije.

Bontsjes bewarje en opstjoere nei ponghalder.rfi@gmail.com

Stars Like Us

De jûn einiget net samar. Stars Like Us soarget foar in feestlike sfear fol live muzyk, dûns en gesellicheid!

Sneon 6 septimber

10.00 - 12.00 oere

Aldhollânske spultsjes foar
de basisskoallebern

14.00 - 17.00 oere

Seiskamp

18.00 - 19.00 oere

Pyama party foar de bern

20.00 - 22.00 oere

Muzyk fan Faam yn de tinte

22.00 - 01.30 oere

Muzyk fan Vangrail yn de tinte



Aldhollânske spultsjes

We traapje moarns ôf mei âldhollânske spultsjes foar de basisskoallebern. Der is foar elk bern in priis. Opjaan kin fia de mail: rfi.merke@gmail.com of telefoannûmer **06-17542589**. Graach opjaan foar 29 augustus mei dyn namme en basisskoallegroep. Alden dy't helpe wolle binne fan herte wolkom. Lit it ús witte by de opjefte.

Seiskamp

Middeis barst de striid los: de legindaryske seiskamp set útein! De ferskillende strjitten nimme it tsjininoar op. Stal in team gear fan acht persoanen út dyn strjitte, jong en âld, manlju en froulju, krachtpatsers en tinkers ... it ferskaat is jim geheime wapen. Elkenien kin meidwaan fan it fuortset ûnderwiis ôf. Slagget it net om in folslein team byelkoar te krijen? Gjin panyk, nim kontakt mei ús op, dan fine wy in oplossing. Meidwaan is wichtiger as winne, mar winne is fansels prachtich. Opjaan kin fia de mail: rfi.merke@gmail.com of op telefoannûmer **06-17542589**. Graach dyn strjitteam opjaan foar 26 augustus.

Pyama party bern

Nei in dei mei spultsjes en wille slute de basiskoallebern de sneons ôf mei in gesellige pyama party. Lûk dyn moaiste of gekste pyama oan en kom noch in oerke feestfieren foar it sliepen gear.

Muzyk yn de tinte

Om 20.00 barst it feest yn de tinte los mei Faam en om 22.00 mei Vangrail.

Snein 7 septimber

10.00 oere

Earste klasse keatspartij manlju en froulju

15.00-16.00 oere

Dûnsmiddei foar de 50+

16.00-23.00 oere

Lyts matinee mei Joop Obama and the Presidents



Keatsen

Fansels wurdt der op dizze snein wer keatst by keatsferiening Jan Reitsma Reduzum. De KNKB manlju en froulju fan de earste klasse komme op ús moaie sportfjild yn aksje.

Dûnsmiddei 50+

It is wer tiid om te swingen op de dûnsmiddei foar 50+. Lykas ferline jier belooft it wer in sfearfol feestje te wurden en dit kear yn de tinte. Sjonger Jeroen sil foar de muzyk soargje. Genietsje fan in ûntspannen middei mei moaie muzyk en in lyts buorrelhapke.

Lyts matinee

It lyts matinee barst los mei de ultieme feestmakers Joop Obama and the Presidents. De coverband dy't rockgrinzen ferleit.

Moandei 8 septimber

10.00-15.00 oere

Ferklaaid matinee mei Van Geeft 'M

Kom ferklaaid nei it matinee en genietsje noch ien kear fan it feest. Dizze kear mei de muzyk fan Van Geeft 'M. Lûk dyn moaiste ferklaaioutfit oan en meitsje der mei syn allen in geweldige útsetter fan.

Foardatst it witst is 'DE TIID' alwer foarby en sit Merke 2025 derop!

Sponsors



Agriland Assurantiedadvies
Verzekeringsadvies voor agrarische ondernemers

SjdB

GEVEL- EN
DAKBEPLATING

T. Velstra
hovenier



ReduRisk

**Transportbedrijf
Bakker**



Werff talent
Brengt talent en werk samen



Multiservice Roorda
Multiserviceroorda@gmail.com

**Yachtwrapping/
Signstore**
yachtwrapping.nl

Balstjurrich
balstjurrich.nl

Cadfix
info@cadfix-engineering.nl

Kaphüs
kaphus.nl

Krekt op maat
krektopmaat.nl

**Bernedeiferbliuw
Bernewrâld**
info@bernewrâld.nl

Fotografie Edith Zijlstra
Zijlstra.edith@gmail.com

**Dierenartsenpraktijk
Reduzum-Grou**
dierenartsgrou.nl

**Rudi Fennema Instal-
latie & Infratechniek**
rudifennema.nl

Tribulet Goudsmit
Atelier.tribulet@gmail.com

Wobma Fourage
Jouke404@hotmail.com

Blauwe Tent
blauwetent.nl

Cafe bar de Welp
cafebardewelp.nl

**De Jager Deur &
Kozijnspecialist**
dejagerdeurspecialist.nl

**Frederika's Taarten
& Sa**
frederikastaarten.nl

**3D Part Solutions/
JD facilities**
post@3dpartsolu-
tions.nl

**Agriland Assurantie-
advies**
agrilandassuratie-
advies.nl

**Airco Techniek
Friesland**
aircotechniekfriesland.nl

Bootsma Bouwbedrijf BV
bootsmabouwbedrijf.nl

**Noorderzon Muziek
Producties**
noorderzonmuziek-
producties.nl

**Timmer en onder-
houdsbedrijf Klaas
Hijlkema**
k.hijlkema@outlook.com

**Astrid sportprijzen
Wirdum**
astridsportprijzen@
hetnet.nl

**Johannes Terpstra
Dienstverlening**
06-37348337

ATW Friens
atwagri.nl

Boonstra rioolservice
boonstra-rioolservice.nl

ITBO
itbo.nl

**Auto Raggers
Heerenveen**
autoraggers.nl

**Boele de Vries Dienst-
verlening Idaerd**
boeledevries@
hotmail.com

De Jong & De Wal
dejongdewal.nl

Hofstra veehandel
w.hofstra@hotmail.com

Iel en mear
praamvissenadejager.nl

**Folkert de Jong
Techniek**
dejongtechniek@
hotmail.com

**Installatietechniek
van der Meulen**
vandermeulen-
installatie.nl

**Johannes de Jager
Timmerwerken**
Johannes-dejager@
hotmail.com

Kleistudio Reduzum
kleistudio.nl

Multiservice Jensma
multiservice-jensma.nl

**Massagepraktijk
Shanika**
massagepraktijk-
shanika.nl

Op Stâl Deco
opstaldecop.nl

Langs de Melkweg
langsdemelkweg.nl

**Schoonmaakorganisa-
tie Langeberg BV**
langeberg.nl

SF Bouw
info@sfbouw.nl

**Schilderbedrijf Ronald
Talsma/ Schilders-
bedrijf Sven Talsma**
schildersbedrijfronald-
talsma.nl

**Handelsonderneming
Simon Okkinga**
Simon_okkinga@
hotmail.com

**Technisch Bedrijf
Electra**
electrareduzum.frl

**V.O.F. Kraan- en Grond-
verzetbedrijf Visser**
grondverzetvisser.nl

Xelvin
xelvin.nl

**Bernedeiferbliuw
Bernefertier**
bernefertier.frl

Sjen & Hearre
sjen-hearre.frl

Willie's Hout
willieshout.com

AquaVino
aquavino.nl

Agridek
agridek.nl

Scoop Ice Cream
scoopicecream.nl

Multiservice Klaas Hof
06-53613066

**Bonnema Grafische
Vormgeving**
jorritbonnema.nl